

AD 1870

HISTOARYSKE KOMMISJE DE EASTERWIERRUMER FREONERÛNTE



De Histoaryske Kommisje
“De Easterwierrumer Freonerûnte”
docht in oprop oan jo!



Hystoaryske Kommisje

“De Easterwierrumer Freonerûnte”

De Histoaryske Kommisje "De Easterwierrumer Freonrûnte" doch in oprop oan jo!

Ha jo thús noch moaie foto's, kaarten, tekeningen, dokuminten, dia's, filmpkes, folders of noch wat oars bysûnders fan Easterwierrum lizzen? Eins tige spitich dat it allinnich by jo te besjen is...elkenien dy't wat mei Easterwierrum hat soe der eins fan genietsje moatte...

Wat sykje wy? Foto's/dokuminten/dia's yn alle soarten/ maten (merke, skoalle, feesten, famylje, bysûnderheden, persoanen) en fan alle tiden dus ek fan resinte datum!

Ha jo de foto's yn albums plakt? Jo kinne wol in foto fan in foto nimme mei in digitale kamera en dan sa nei ús maile. Jo kinne losse foto's/dokuminten ek nei ús opstjoere per post. Wy nimme dan in foto fan in foto of skanne se yn. De foto's en dokuminten stjoere we dan wer nei jo werom.

At jo mear ynformaasje ha oer de dingen dy't jo nei ús stjoere bygelyks nammen fan de minsken op de foto's/ferhaal/ tiidstip dan wolle we dat ek graach witte.

Wy komme ek graach by jo thús. Wy nimme dan de apparatuer mei! Witte jo noch mear âld-Easterwierrumers of neitins te wenjen dy't miskien ek noch wol wat lizzen ha, lit it us witte. Digitale bestannen kinne sa nei ús mailt wurde.

Jo kinne jo guod ek skinke oan ús Kommisje (doarp Easterwierrum), it wurdt dan goed bewarre en bliuwt dan ek beskikber foar de kommende generaasjes.

Ha jo fragen, skilje of mail ús.

Alfêst betanke!

Digitale bestannen graach ferstjoere nei:

kopij@easterwierrum.nl

Meint Miedema tillnr.: 06 212 34 907

Dokuminten/foto's per post graach ferstjoere nei:

Stephan Kurpershoek
Doarpsstrjitte 18 , 9021CL Easterwierrum
Tillnr.: 06 235 414 65/ stephankurpershoek@live.nl

Net ferjitte om jo eigen gegevens mei te stjoeren.

Gear Siesling tillnr.: 058 250 1264/ gsiesling@hetnet.nl
Piet Boersma tillnr.: 06 130 61 803/ pietboersma@outlook.com
Nico van der Werf tillnr.: 0566601281/ nicovanderwerf@hetnet.nl

HISTOARYSKE KOMMISJE "DE EASTERWIERRUMER FREONERÛNTE"

Elk jier op de earste sneon fan maaie organisearret de Histoaryske Kommisje in "Noflike Jun" yn "De Tysker" te Easterwierrum. Op dizze jûn fynt der in presintaasje plak fan bysûndere âlde foto's út alle tiiden en in âlde film op grût skerm. Dit alles yn de sfeer fan eartiids! Hâldt ús webside (www.easterwierrum.nl) dêrom goed yn de gaten foar it programma fan die jûn.

Op dizze jûn kinne jo ek jo foto's, dokuminten en oare saken ynbringe of skinke oan ús kommisse. Graach foarsjoen fan jo gegevens en goed ferpakt yn envelop of doaze.

Namens de Histoaryske Kommisje Easterwierrum